



We the North? Meartalichheid heart by it DNA fan Fryslân, Grunnen en Drenthe!

Iepen brief fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen/Europees Buro voor Kleine Talen oan 'We the North', de provinsjes Fryslân, Grinslân en Drinte en de gemeentes Ljouwert, Groningen, Assen en Emmen

Sûnt in skoftke wurkje de provinsjes Fryslân, Grinslân en Drinte nauwer gear op it mêd fan kultuer. De provinsjes wolle inoar stypje by nije inisjativen en boppedat it lânsregear sjen litte dat ek bûten de Rânestêd, yn streken mei in soad plattelân, oerol kultuer te finen is dy't de muoite wurdich is, en dat provinsjes en kulturele ynstânsjes yn it noarden rjocht hawwe op in ridlik part fan de Ryksjilden foar kultuer. Wy hawwe ommers Tryater, it NNO, Jeugdteaterselskippen, nijsgjirrige musea en hieltiid mear festivals. Koartsein: It is hjir al lang gjin Pauperparadys mear.

De provinsjes hawwe hjoed-de-dei in mienskiplik potsje foar fernijende kulturele inisjativen. De hegere bydrage fan it Ryk dêr't op hope wie mei it opsetten fan it mienskiplike inisjatyf, hâldt oant no ta noch net oer. It EBLT begrypt de yntinsjes en de idealen efter dit inisjatyf en stiet fjouwerkant efter it stribjen nei in earlike ferdieling fan de Ryksjilden foar kultuer. In ryk kultureel libben mei in soad ferskaat wolle wy ek graach fersterkje.

Mar, wy misse ek wat yn de presintaasjes fan 'We the North'. Yn de presintaasje, de plannen en sels de beskriuwing fan de noardlike kultuer misse wy oant no ta it Frysk en it Nedersaksysk - Grinslânsk, Drintsk en Stellingwarfs – as wichtige kultuerdraggers dêr't folop yn songen, skreaun en toanielspile wurdt. Krekt dy fanselssprekkende meartalichheid, dêr't wy it Biltsk ek ta rekkenje, foarmet yn ús eagen de kearn fan it DNA fan Fryslân, Grinslân en Drinte. It *Lân fan Taal* hâldt ommers net op by de gemeentegrinzen fan de Kulturele Haadstêd fan 2018! Ek net by de Ryksgrins; krekt op it mêd fan meartaligens lizze der goeie mooglikheden op gear te wurkjen mei gebieten yn

Dútslân.

Wêrom witte wy net, mar mienskiplike noardlike inisjativen binne yn de praktyk gauris ientalich Nederlânsk mei in Ingelske gjalp-derop-ta. Soks tsjut op it Hollânsk perspektyf op it noarden yn plak fan in perspektyf fan binnenút. Us oprop oan de inisjatyfnimmers is dan ek: wês kreatyf en jou de meartalige fanselsprekkendheid fan Fryslân, Grinslân en Drinte en de ferskate identiteiten rom baan yn al jimme uterings en yn jimme kulturele projekten.

Nim it ek op as in útgongspunt fan it mienskiplik kultuerbelied en besykje ris om op oerlizen en gearkomsten fan Friezen, Grunnegers en Drenten elts de eigen taal prate te litten. By it EBLT dogge we soks al jierren. It is yn it begjin faaks efkes wennen, mar as men der iepen foar stiet is in hiel soad mooglik.

‘We the North’ stiet noch yn de berneskuon en jout gelokkich oan ‘folslein iepen’ te stean foar alle kreative ideeën en foarstellen fan oaren. It seit himsels dat it EBLT graach gebrûk makket fan dy útnûging en ree is om mei jimme nei te tinken oer foarstellings en projekten dy’t de skientme fan it taalferskaat fan Fryslân, Grinslân en Drinte bloeie en groeie litte. Mooglikheden om op te arbeidzjen lizze der seker. It ‘ferjitten’ fan de eigen talen en identiteiten oant no ta hat grif in fersin west, dat kin net oars.

Foar it EBLT,

A handwritten signature in blue ink, consisting of several fluid, connected strokes that form a stylized, abstract shape.

Dr. Henk Bloemhoff, bestjoerslid